

Mikal, de earste frou fan kening David

## Colofon

ISBN: 978 94 6365 874 4

1e druk: 2026

© 2026, Anders M. Rozendal

Utjouwerij Elikser

Ossekop 4

8911 LE Ljouwert

[www.elikser.nl](http://www.elikser.nl)


Printwurk: CSL digitaal B.V.

Foarmjouwing binnenwurk en omslach: Evelien Veenstra

Útjefte fan dit boek waard mei mooglik makke troch

de provinsje Fryslân

provinsje fryslân

provincie fryslân 

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automati-searre gegevensbestannen en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de skriuwer en de útjouwer.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

# Mikal,

de earste frou fan kening David

roman

Anders M. Rozendal





## Prolooch

Lêzer, wat jo no yn 'e hannen hawwe is skreaun troch my, Mikal, de dochter fan kening Saul fan Israel. Om't ik graach skriuwe mei, haw ik fan myn jongfammetiid ôf myn libbensrin opskreaun. Op lytse en gruttere boekrôlen. Om't ik bang bin, ja, der eins wol wis fan bin dat myn skiednis ôf ferdraaid wurdt, ôf sels hielendal yn it neat ferdwynt, haw ik al dy boekrôlen bewarre en yn in grutte krûk dien.

Mocht ik nea earne wer neamd wurde, dan soe ik it net slim fine as myn skriuwsels weiwaarden. Der sille grif mear skiednissen west hawwe fan lju, ek fan wichtiger lju as ik, dy't yn 'e rin fan 'e iuwen weiwurden binne.

Mar foar it neist sil ik ál neamd wurde. Neamd wurde yn 'e keninklike boeken of kroniken fan it tsjinwurdige keningshûs. En de skriuwers dêrfan jouwe grif har eigen interpretaasje fan 'e skiednis. Ek oan myn bydrage dêroan. Se sille my grif as in kâld en hurd minske beskriuwe. Mar sa wie, en bin ik net, wier net.

As in minske, en dan hiel spesifyk in frou, foar harsels opkomt, dêr is dochs neat mis mei?

Oan jo, lêzer - oer tweintich, hûndert, of miskien wol tûzen jier - jou ik it rjocht om oer my te oardieljen.

Ik bin âld en oan 'e ein fan myn krêften. Dit lêste briefke lis ik aansen op de boekrôlen yn 'e krûk. Dy sil ik dan ôfslute en fersegelje. Chelek sil de krûk ferside bringe yn in nis fan syn kelder. En dy nis dan tichtmitselje. Dat hawwe wy ferline wike ôfptraat. Chelek is noch famylje fan my en wennet yn 'e omkriten fan Gibeä. De streek dêr't ik ienris bern wie.

En lokkich.



# 1

Ik bin Mikal, ik bin alve jier en de dochter fan Saul en Achinoäm. Ik haw ien suster: Mearab, en fjouwer bruorren: Jonatan, Jisjwy, Malkisjûa en Esjbaäl. Dy bruorren binne bytiden ferfelende klieren, mar Sêrach, myn nicht en freondinne seit dat alle jonges ferfelende klieren binne. Ik tink dat dat wol wat tafalt, al binne de measte oare jonges dy't ik ken soannen fan ús pake syn feinten. Dy jonges helje it net yn 'e holle om my te pleagjen. En dan binne myn neven der ek noch, mar dy stean ik wol. As it moat jou ik dy, krekt lykas myn bruorren, wol in snuter. Sa, dat stiet!

Dat ik skriuwe kin is fansels in lyts wûnder. Fammen hoege it skriuwen net te learen, dy moatte harren mem helpe mei it iten tameitsjen, de grientetún ûnderhâlde, wetter helje, kleanwaskje en noch wol tûzen oare dingen. Mar pake is grutboer, hy hat in hiel soad lân, meast boulân. Heit en myn omkes helpe pake. En fansels hat pake in soad feinten en tsjinstfammen.

Wy wenje allegearre krekt bûten Gibeä. Pake en beppe yn 'e grutte pleats. Dêr binne ek de ûnderkommens fan in tal húshâldings fan feinten. Oaren, en wy ek, wenje yn huzen by de pleats.

De froulju fan 'e feinten helpe, as se net op it lân nedich binne, beppe en mem en myn muoikes. Likegoed moat ik ek faak byspringe hear. Eigentlik alle dagen wol.

Mar doe't Kehat, de âlde Levyt, myn bruorren it skriuwen leard hie, haw ik heit krekt salang oan west – om 'e kop seurd – neamde hy dat, dat ik ek skriuwen leare mocht.

Mearab, myn suster hie gjin ferlet fan dat geprigel. Dat

moast sy witte, ik woe it al leare. It wie wol hiel dreech, mar no kin ik it!

Fansels moastst soks ûnderhâlde, dat mei in skerpe pin kras ik klaai- en waakstabletten fol mei alderhande teksten. Meastentiids boadskippen en dingen dy't ik dwaan moat, lykas: moarnier beantsjesykje, túchlûke, mem helpe, mei de faam skiepmelke, en al sokke dingen mear. Fansels kin ik dat ek wol ûnthâlde en oars seit mem wol wer wat ik dwaan moat, mar tenearsten hâld ik sa it skriuwen moai by, en twad kinne heit en de oaren mar lêze wat ik alle dagen wol net doch. Ik set dy skriuwtabletten ek altyd moai yn it sicht.

Mar no skriuw ik mei inket en op papyrus. Papyrus is rottekrûddjoer, dêrom skriuw ik hiel lyts. En sit ik foar it finster te skriuwen. Oars kin ik myn eigen skriuwels net iens lêze.

Alve jier bin ik dus en de jongste fan 'e húshâlding. Ik bin aardich oan 'e lingte, dat haw ik fan ús heit, dy is de grutste man fan 'e stêd! Ik bin net allinne lang, mar ek noch meager. Myn bruorren neame my wolris lange latte. No, lilker kinne se my net krije, dy rotsakken. Mar eins is it wol wier, der sit gjin frouljusmodel oan my lykas Mearab. Mearab hat al boarsten! No, ik eigentlik net. Jûns op bêd kniip ik der wolris wat yn, miskien helpt dat. Al seit mem dat ik der net oer yn hoech te sitten. Boarsten en alles wat fierder mei it wêzen fan in frou gearhinget komt fansels, sei se in pear dagen lyn tsjin my doe't ik dêrnei frege. No, dat wachtsje ik dan mar ôf. Mar miskien kniip ik jûn foar de wissichheid dochs wol efkes.

Oef, ik skriuw wol in soad op. Aansen goed opbergje. Dit moat in oar fansels net lêze.

De reintiid is hast oer. Tusken de buien troch wurdt it oerdei al wer waarmer en op sokke tiden is heit mei myn bruorren en feinten op it lân oan it wurk. Oan it ploegjen, eidzjen en stiensykjen. En siedzje fansels.

Mei in pear wike moat ik mei mem en de tsjinstfammen oer de grientetún gear. Mar no noch net, de grientetún leit wat leger en is noch te wiet.

‘Sjoch do ris efkes by dyn beppe,’ sei mem fan ’e moarn tsjin my. ‘Moatst mar besykje om har wat op te fleurjen, want it is wer goed yn ’e war, haw ik heard.’

Dêr hie ik hielendal gjin nocht oan want beppe is betiden – benammen yn ’e reintiid – like segrinich as wat. Neat is har dan nei it sin. De tsjinstfammen kinne gjin goed dwaan, de wol sit fol klitten dat it spinnen wol net, it iten smakket net, it hûs lekt neffens har oan alle eienen en kanten (dêr is neat fan oan, út en troch rint der ris in inkeld strieltsje by de muorre del), en se is altyd sa kâld as in bok. Dat lêste kin hast net wier wêze, beppe is alle kearen dat ik der kom fan ûnderen oant boppen goed ynpakt. Mar ja, seure en grine, seit mem. Dy kin har dus net útstean. En dêrom stjoert se my altyd om beppe wat fleuriger te krijen.

Ik wachte earst in bui ôf en rûn doe hastich nei de pleats.

De âldste faam liet my deryn. ‘Moai datst der bist,’ sei se, ‘dyn beppe sil grif ek bliid wêze.’

Beppe siet allinne yn ’e keamer. Pake soe wol by de oaren op it lân wêze. Dat hie fansels neat gjin doel, heit en de oaren witte wol krekt wat dien wurde moat. Mar pake wie dêr grif leaver, of yn ’e skûlhutte as it reinde, as dat er op soksoarte dagen by beppe ferkeare moast.

En sa is it mei de tsjinstfammen ek, wit ik. Dy fine altyd fan alles út om mar net by beppe om hoege te slaan.

‘Jim beppe is wat hollich,’ sei ús heit lêsten fergoedzjend doe’t ik by beppe weikaam en fertelde dat se mar sneu tsjin my dien hie. Doe’t heit dat sei, fan dat ‘hollich’ wêzen, luts mem wat leechachtsjend mei de mûle, mar se sei gelokkich neat. Want beppe is hast it iennichst dêr’t heit en mem wolris wurden om hawwe.

Ien kear hat mem sein dat beppe har oanstelde. No, dat hat mem witten, en wy ek!

Lilk kaam heit oerein en sloech mem sa fûl tsjin ’e holle dat se fan it krukje foel en oer de fier stuitele.

It is al wer in pear jier lyn, mar dat sil ik nea ferjitte.

Mem gûlend oer de grûn en heit dy’t stie te razen fan: skammest dy net, skammest dy net! Wyt fan lilkens wie er.

De tsjinstfaam wie ta de keamer útflechte en wy stienen bang yn in hoeke.

Neisnokjend kaam mem oerein en mei ien hân oan it wang flechte se it fertrek ek út.

Letter is it gelokkich wer goedkommen tusken heit en mem, mar wy wisten doe foargoed dat heit gjin kwea fan beppe witte wol.

Beppe siet op ’e hege kruk by it finster. De holle foaroer, mar ik seach dat se gûld hie. Se hie in fracht skieppewol op ’e skirte, mar de spintol, mei in protsje tried, lei op ’e grûn.

‘Dach beppe,’ sei ik sa fleurich mooglik, ‘is beppe oan it spinnen?’

Se seach op en graude: ‘Hoe soe ik no spinne! Moatst dizze wol ris sjen, groatfol mei klitten. Dy wolkammer moasten se oan ’e heechste beam ophingje.’

Ik seach gjin klitten en ik wit dat de wolkammer fan

ús stêd heech oanskreaun stiet fanwegen it wurk dat er leveret. Dat beppe har praat wie gewoan net wier.

Mar ik gie net op har sizzen yn, pakte de spintol fan 'e flier en stelde har foar: 'As beppe no de wol tafoeget, dan hald ik de spintol draaiend en wyn ik de tried op.'

'It wol dochs net,' antwurde se en wiisde nei de wol: 'Troep, gewoan troep.' Dêrby skodholle se ferheftich.

'We kinne it dochs besykje, beppe,' hold ik oan. 'Sil ik oars wol oanbringe?'

Mar dat wie har eare fansels tenei. 'Do?'

De wize sa't se dat sei stuts wol efkes, mar ik knikte en lake: 'Ja, wêrom net?'

'Dat moat mar net, leave.' It klonk al aardich freonliker. Efkes letter wie se plukjes wol oan it tafoegjen wyls ik de spintol draaiend hold en út en troch de tried opwûn. Neat gjin spul mei klitten of wat ek mar.

Tuskentroch fertelde ik fan heit en de jonges, mem hold ik der wat bûten, want mem en beppe past no ienris net sa goed. Mar ferhalen oer heit mei beppe graach hearre, ik tink dat heit har leaflingssoan is. Yn alle gefallen, doe't ik by it skimerjen wer nei hûs ta gie, wie beppe aardich fleuriger.

Ik haw wer in hoekje papyrus bemachtige. Fan pake krigen. Hy wit dat ik graach skriuwe mei, al fynt er it grutte kolder. Mar hy fynt it moai dat ik sa goed mei beppe opsjitte kin.

It wurdt trouwens heech tiid dat ik wer ris wat skriuw. Want letter, as ik in âld wyfke bin en fansels alles fergetten bin, wol ik grif nochris witte wat ik yn myn jonkheid belibbe haw. No, dat is oant no ta net sa folle. Al leau ik al dat myn boarsten in bytsje omheechkomme. Utbotte, sis mar. Soe

dat troch myn knipen kommen wêze of is it in natuerlik proses, sa't myn suster seit? Want Mearab folget myn sprint nei it frouwurden fansels ek. No ja, sprint ... It komt fansels, sei Mearab. Itselde praat as mem. Mar Mearab hat maklik praten, se is mar trije jier âlder as my, mar hat al grutte boarsten, en fierder sjocht se der ek goed út. Al hat se wol in soad pûsten oan it kin en de wangen. En dêr sit sy dan wer oer yn.

Us mem hâldt har ek wat dat oanbelanget oan har fêste sechje: It giet fansels wer oer. Maklik praat: myn boarsten dy't fansels komme en Mearab har pûsten dy't fansels ferdwine. Mar wat kinne myn suster en ik oars dwaan as ôfwachtsje?

Us âlden hawwe wer oare problemen en soargen. Altyd bang dat de Filistinen wer ris in rôftocht ûndernimme.

De Filistinen is in buorfolk en se wenje yn it westen by de see. De see haw ik noch nea sjoen, mar it moat in grutte flakte fan wetter wêze. Sa fier ast sjen kinst, haw ik begrepen. No, by dy see wenje de Filistinen. Mar út en troch dus dy rôftochten en dêrmei hâlde se ús folk, de Israeliten, behoarlik ûnder de kwint. Eartiids, wit ik fan heit en fan pake, fochten de Israeliten wol tsjin de Filistinen. Dat wie yn 'e tiid fan 'e rjochters.

Heit hat ús wol ferteld fan Simson. Dy wie sa sterk, dat hy raamde ris de poartedoarren fan in Filistynske stêd út 'e heakken, naam se op it skouder en tôge se in berch op. No, foar sokken hienen de Filistinen wol ûntsach. Al ha se letter dy Simson wol te pakken krigen.

En dan hiest Jeftha. Dy rôp it hiele folk op foar de striid. En se wûnen de slach.

Mar sokke oanfierders binne der no net. De rjochter dy't der

no is, is net in fjochtersbaas. Hy hat hjir wolris west, mar dat wie om it folk op te roppen om har ôfgodsbylden fuort te dwaan en har te bûgen nei de god fan Israel. Dan soe alles goed komme. No, dêr haw ik gjin doel oer, hear. En ik leau fan ús heit en pake ek net. Se hawwe it der yn alle gefallen nea oer. En wy hawwe allegearre in Tearafim yn 'e hûs.

Mar as der sa'n ploech Filistinen komt, en dat is altyd nei de risping, jouwe pake en alle oare boeren út 'e omkriten dy fjochtersbazen weet en in pear skiep of sa, en dan geane se wer fuort.

Hoewol't se meastal net sa manmachtich binne, doar pake mei syn feinten dy Filistinen net oan te pakken. Want dat folk hat izeren wapens lykas spearen en swurden. En dêr falt fansels net tsjin te fjochtsjen.

Izeren ark is wat nijs. Pake hat no ek izeren sichten, snoeimessen, bilen en ploechizers. Dat hat er foar in soad sulverstikken – seit heit – fan 'e Filistinen kocht.

Mar as der wat stikken is, of stomp, moat pake nei in Filistynske smid om it meitsje te litten of te slypjen. En swurden, spearen of grutte messen krije de Israeliten net. Sa tûk binne dy heidens wol.

Wy, de froulju en de fammen, moatten op dy dagen as de Filistinen delkomme, út it sicht bliuwe. 'Dat folk hoecht net op noch slimmere ideeën te kommen,' sei heit de lêste kear. O ja, no't ik it oer heit haw: hy is fan 'e moarn mei in feint ôfstutsen om ezelinnen te sykjen. Dy binne nammentlik fannacht útbrutsen en op 'e kletter gien. Pake tinkt dat se net sa fier fuort binne, as dy bisten wat te fretten hawwe, rinne se net fierder, sei er. No, fretten is der yn 'e omlizzende heuvels genôch. As se mar net de rotshoalen yngeane, want dan wurdt it noch in hiele sikerij. Wy wachtsje mar ôf.

## 2

Heden, wat belibje wy -ik- ynienen wat.

Skreau ik in dei of wat lyn oer dy ezelinnen, no, dy waarden de oare deis al troch in man út in doarp hjir yn 'e omkriten, werombrocht. Mar heit en de feint bleaunen noch in dei of wat fuort. Beppe al jammerje dat harren grif wat oerkommen wie, sels mem waard wat ûngerêst fernaam ik wol. Al soe se dat fansels net sizze. Ik tink dat ik in soad fan ús mem haw.

Gelokkich kamen heit en de feint in pear dagen letter sûn werom.

En dat net allinne, ek mei in grut geheim. Sa'n grut geheim dat de jonge dy't mei heit wie, it net iens wist.

It hat mei de oarloggen te krijen. De oarloggen tsjin de Filistinen, mar ek wol tsjin oare folken. Dy folken om ús hinne hawwe allegearre in kening dy't tagelyk ek de oanfierder fan harren leger is. Wy, de Israeliten hawwe gjin leger en dus ek net in oanfierder. Aldomke Ner – in broer fan pake en hy wennet yn in doarp hjir net fier wei – dy âldomke en pake hawwe in skoft lyn mei in protte pommeranten út it hiele lân nei de âlde rjochter west. Want dy rjochter skynt wol in bêste man te wêzen, mar in leger oanfiere, kin er net. En sa'nien wolle pake en âldomke Ner en dy oaren no al krekt hawwe. In kening mei in leger!

Mar de rjochter hat harren it mannewaar opsein en har ferteld wat se fan in kening ferwachtsje koenen: dy soe yn in paleis wenje – in paleis is in grut, djoer hûs, fertelde mem my – en dan moat it folk fan Israel dy man en syn húshâlding ûnderhâlde. En ek syn leger en de feinten en fammen dy't er yn tsjinst hat. Mar neffens pake en Ner is dat altyd noch goedkeaper as altyd te lijen hawwe fan 'e

rôftochten fan 'e Filistinen en oare folken. Dat hienen se de âlde rjochter ek sein! No dy rjochter, Samuël hjit er, hat it op berie hâlden en hy soe ús god, JHWH, rieplachtsje.

Dat haw ik allegearre fan beppe heard.

Mar no komt it, it grutte geheim: heit hat yn 'e ôfrûne dagen dy âlde Samuël troffen en dy rjochter hat sein dat heit kening fan Israel wurde sil. Stel dy foar: heit kening, mem keninginne, en ik, ik in keningsdochter!!! En keningsdochters trouwe letter mei in kening! En dan bin ik keninginne. Fan wat wit ik wol net hokker grut lân.

No ja, sa fier is it noch lang net fansels.

Hoe't ik dit wit?

No, heit en de feint kamen dus thús. Elkenien bliid. Mar doe sei heit tsjin mem: 'Do en ik geane jûn nei myn âlden, dêr haw ik wat mei te bepraten.'

Ik wie fansels sa nijsgjirrich as in hin. Mar ja, doe't ik op bêd moast wienen heit en mem noch net wer thús. Mar om't ik oanfelde dat der wat bysûnders wie, bin ik wekker bleaun. En doe't heit en mem einlings thúskamen hearde ik dúdlik dat se rûzje hienen. Net echte rûzje, mar se wienen it lang net meiïnoar iens. Ik bin stikem fan it bêd gien en haw efter it gerdyn stien om harren ôf te harkjen. Dat heart net sa, dat wit ik ek wol.

Mar ik hearde it heit dúdlik sizzen: 'Yn Mispa sil ik ta kening útroppen wurde. Dát hat Samuël tsjin my sein. En hy hat my salve as bewiis en tastimming fan JHWH. Dan kin ik dochs net wegerje sa't ús mem seit?'

'Jim mem hat gelyk!' Dúdlik mem har lûd. 'Ik bin it lang net altyd mei it âldminske iens, mar no al. It sil dyn ûndergong wurde, Saul. Foar kening en oanfierder bisto net yn de widze lein. Do bist in boer! Dat witsto ek wol. It boerewurk is ommers dyn lust en dyn libben? Betankje foar de ear!'

Heit dêr tsjinyn: ‘Dat kin fansels net, ik bin ta kening salve! Dêr kin ik my net foar weiwine. En fierder wol ik der net mear oer prate.’

Doe moast ik sjen dat ik fuortkaam, want ik hearde heit oankommen.

Mar dat is it geheim dus: heit kening. As er him no mar net betinkt!

Ik haw der mei beppe oer praat. Fansels wachte ik oant wy tegearre wienen, want dan fertelt beppe my wolris mear dingen.

Ik kaam der hoeden mei oan. Mei takt, soe mem wol sizze. ‘Ik bin sa bliid dat heit sûn wer werom is. Beppe ek tink?’ Sa begûn ik.

‘Jawis famke, bin ik bliid, allinne ...’

‘Allinne wat, beppe?’

No ja, neat bysûnders ju.’ En doe’t ik har freegjend oanseach. ‘Hy hat dy âlde Samuël troffen, no ja, dat hie ik leaver net hân.’

‘Hoesa beppe, Samuël is dochs in godsman, dy sil heit dochs gjin ferkearde dingen sizze?’

‘Hy wol fan jim heit in k ... in eh ... oanfierder fan in Israelysk leger meitsje.’ Se prate doe rêd fierder. ‘No, dêr bin ik poer op tsjin. Want de fijannen besykje yn in fjildslach fansels altyd as earste de oanfierder te treffen.’

‘No, dan docht heit it dochs net,’ sei ik kjel. Want keningsdochter wêze is fansels wol moai, mar as se heit dan deameitsje? En as it leger it ferliest fan de Filistinen en fan wit ik wa, en heit dea en miskien de hiele famylje wol. Wat bart der dan mei my?’

‘Mem is der ek op tsjin,’ prate ik myn mûle foarby.

Gelokkich hie beppe dêr sa gjin erch yn. Se snúfde allinne

mar en sei: ‘Dat moast der ek noch bykomme dat se der foar wie! Jins eigen man de dea ynjeie.’ Dat lêste sei se sa oertsjûgjend, as wie dat al wis.

Wat mismloedich bin ik nei hûs ta gien. Keningsdochter wêze hie net allinne mar foardielen, begryp ik no.

Mispa! Elk hat it oer Mispa. It gûnzet net allinne by ús oer it hiem, mar ek troch de stêd en de oanlizzende doarpen, haw ik heard. Want de âlde Samuël hat hiel Israel oproppen om dêr te kommen. Gjinien – mar wy wol! – wit wat krekt it doel dêrfan is.

Aldomke Ner en syn soannen hawwe pake en heit oanhelle. Mem hat sels fan ’e moarn noch besocht te kearen dat heit meigie. ‘Wat sjochst der min út Saul, neffens my bisto lang net goed. Gean op bêd man, ik sil in krûdedrankje foar dy klearmeitsje en dan silst wol wer opknappe.’ Se neamde Mispa net, wat fansels hiel tûk fan har wie, mar se berikte har doel net. Heit gie mei nei Mispa.

Al wie er wol skier om ’e holle, dêr hie mem gelyk oan.

Ik wit net wat ik der fan tinke moat. Keningsdochter woe, en wol ik eins noch wurde. Mar as it sa moat?

Juster kaam heit mei de oaren werom. Mem stie fansels nei de manlju út te sjen en naam heit dalik geweken. Mar ik soarge der foar dat ik tichteby harren stie. ‘En?’ hearde ik mem freegjen.

Heit knikte: ‘It is trochgien.’

It kaam der net fleurich út.

Pake stie fansiden noch efkes mei Ner en dy syn soannen te praten. Dy wienen ek net yn in jubelstimming, seach ik wol.

Fan heit en pake kom ik letter wol it ien en oar te witten,

tocht ik. Miskien net fan harren sels, mar dan wol fan mem en beppe.

Mar miskien hearde ik noch wat fan âldomke Ner en syn soannen. Dat wie fansels in hiel goed idee dat ik slûpte fuort en kroep fierderop efter de strûken njonken it paad. Krekt op 'e tiid, efkes letter hearde ik se oankommen. Drok yn petear. '... is fansels in poerbêste fint mar foar lieder oer Israel?' Dúdlik âldomke Ner. Ien fan 'e soannen lake, al wie it net fleurich. 'Nee, in misse slach, en dan kin dy âlde Samuël wol sizze dat it fan godswege is, mar dan wit ik net wa't mear yn 'e war is: Samuël of JHWH.'

'No, sa kin it wol wer!' Aldomke Ner syn lûd.

Se wienen my doe hast foarby. Deastil hold ik my, want stel dy foar dat se my ûntdieken!

'Hoe tinktsto deroer, Abner?' frege âldomke.

'No, foar my is it dúdlik: Saul is troch JHWH oanwiisd. Dêr is er sels net sa wiis mei, dat hat er yn Mispa wol toand. Mar as wy ek sa negatyf dogge as dat stel kloatsekken dêr op 'e folksgearkomste, dan wurdt it yndie neat. Ik wit fansels net hoe't it komt, mar ik bin fan doel om Saul sa goed mooglik te stypjen.'

De oare soan wer: 'Ik wit net hear. Ien dy't fanside krûpt as er oanwiisd wurdt en ... ' Fierder koe ik it net ferstean. Fan slach bleau ik sitten. Fanside krûpe? Wie heit fanside krûpt doe't it der op oankaam?

Ja!

Beppe woe neat kwyt. Hoe't ik ek mei har oan it moaipraten wie. 'Fan dy folksgearkomsten wit ik neat, dat is foar manlju,' sei se doe't ik har dernei frege. En mem rûn mei in strak antlit om, dat dy frege ik mar neat.

En heit? Heit bleau elkenien út 'e wei. Moarns betiid nei it lân, jûns wer thús, mar prate die er amper.

Kinst sjen dat folwoeksen lju dochs net sa tûk binne. Beppe en mem en heit koenen dochs wol begripe dat ik – wy – yn 'e koartste kearen witte soenen wat hiel Israel wist!

Jonatan, myn âldste broer, hat it my justerjûn ferteld. 'Oars komst it fan in oar te witten,' sei er. Mar it wie dus sa: de Israëlitien woenen al langer in kening hawwe. Yn 'e folksgearkomste yn Mispa hawwe se it lot wurpen en doe is heit úteinlik oanwiisd wurden. Krekt lykas Samuël al sein hie. Mar doe't se heit offisjeel ta kening útroppe soenen, hie heit him efter pakkelaasje ferskûle. Goh, doe't Jonatan my dat fertelde, al wist ik it eins ek al, doe skamme ik my dea! Wa ferskûlet him no! Us heit dus. De grutste man fan Gibeä. Ferdoarje, as ien it postuer fan in kening hat, dan is hy it dochs! No, dat keningsdochter wêzen kin ik wol ferjitte. As it sá moat, hoecht it fan my ek net!

It is al wer in moai skoft lyn dat ik wat skreaun haw. Nei dy lêste opstigings oer dat keningskip hie ik der gjin nocht mear oan. Mar no moat ik dochs wat kwyt: ik bin nammentlik foar de earste kear ûngesteld wurden. Goh, wat die dat sear, en wat in fize bedoening!

Mem, en ús Mearab ek, hienen my dêr al foar warskôge. 'De earste kear is it it pynlikst,' hie mem al sein, 'letter hast der safolle lest net fan.' No, dat hoopje ik dan mar. Mar dat ik fan no ôf hast myn hiele libben ien wike yn 'e moanne mei doeken om it ûnderliif rinne moat, liket my nei fleanen. Wie ik mar in jonge!

No't ik dochs oan it skriuwen bin, it keningskip fan ús heit is op 'e non rûn. Heit giet alle dagen gewoan oan it wurk. As wie der neat bard.

Strak, nei de earste rispinge sil der wol wer in groep Filistinen delkomme om in part fan 'e risping op te easkjen. Soe heit dan in keardel útmeitsje en sizze: jim kinne te skiten rinne, mar jim krije neat. Dát soe ik wolle, mar ik tink net dat heit soks oandoar. En as heit it net oandoar, wa dan al? Om dy reden haw ik myn fantasijen oer it keningsdochter wêzen fier fuortstoppe.

Der is noch wat oars nammers: Mearab is fereale. Dat mei ik net fierder fertelle, dat moast ik har swarre. Dêrom skriu w ik syn namme mar net. Mearab is fansels ek noch wat te jong om serieus oan in man te tinken.

Mem hat har dat ek goed yndruid. 'Gjin gedoente mei jonges! En lit se dy foaral net tenei komme. Want dan wilst wat der barre kin.'

Datselde hat mem no ek tsjin my sein. En mei de wurden: do wilst wat der dan barre kin, bedoelt se fansels dat je dan pearje sille en in bern krije. No, ik moat der net oan tinke. Faker as ien kear haw ik sjoen hoe't in ezelhynst in ezelin besprong en dy grutte pimel yn har treau. En sa giet it dus by minsken ek. Ba.

Mearab tinkt dêr oars oer. 'Moatst dy foarstelle datst neaken neistelkoar leist en dat er dy dan streaket en dat er dan op dy lizzen giet en dan ...' No, ik wol my dat hielendal net foarstelle.

Mar dat ik no in frou bin – sa sei mem dat – is uteraard wol in stap nei it folwoeksen wêzen. In folwoeksen minske mei in eigen miening. En ien dêr't nei harke wurdt!

Al stietst as frou fansels wol op it twadde plan en moatst dy ûnder dyn man deljaan. Al kinst him miskien wol wat bystjoere, sa't mem dat mei heit besiket te dwaan. En dat sil ik letter ek dwaan, en noch mear as mem! As ik oait in man krij, fansels.